

Oan bestjoer en leden fan it Skriuwersboun,

Op freed 17 febrewaris 2023 hat de finansjele kontrôlekommisje besteande út Albert Schaafsma en Simon Oosting in kontrôle dien fan it finansjeel oersjoch 2022 fan it Skriuwersboun en fan de efterlizzende stikken. Dit oersjoch wie makke troch de ponghâlder Jan Woudstra.

De ponghâlder hâldt ynkomsten en útjeften by yn in EXCELbestân. Dit is hiel presys bard en goed strukturearre. Ynkomsten en útjeften út it oersjoch binne yn de stikken werom te finen, sa hat de kommisje yn in stekproef fêststeld. Alles is yn oarder befûn. De finansjele kontrôlekommisje is akkoard mei it finansjele oersjoch en de efterlizzende stikken!

De kommisje wol de ponghâlder in komplimint jaan foar de heldere wize fan boekhâlden en foar it oersjoch.

De kommisje advisjearret unanym om de ponghâlder desjarzje te ferlienen

De kommisjeleden

Albert Schaafsma

Simon Oosting